


Wês wiis mei nuvere houtsjes

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 523 1
1e printinge 2023
© 2023, Meindert Bylsma

Utjouwerij Elikser
Ossekop 4
8911 LE Ljouwert
Til: 058 - 289 48 57
www.elikser.nl
Printwurk: CSL digitaal B.V.

Bylden omslach: Meindert Bylsma
Foarmjouwing binnenwurk: Evelien Veenstra

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân
provinsje fryslân
provincie fryslân 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouwer.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Wê[^]s wiis mei
nuvere houtsjes

Meindert Bylsma



Ynhâld

1. Oan de lêzer	9
2. Net alle hout is timmerhout	11
3. Mûs	13
4. Miammel	15
5. Fioelespiler	19
6. Koalreus	21
7. Fûgel	27
8. Lorre	28
9. Pakpapier	34
10. Hoanne	36
11. It paad bjuster	44
12. Oester	47
13. Kikkerts	50
14. Ko	56
15. De ballen	58
16. Byldetún	63
17. Apels	65
18. Dichter	70
19. Se wolle net oars	72
20. Russen	74
21. Kleur	78
22. Frou	79
23. Mûge	80
24. Trompetspiler	82
25. Winkel	84
26. Mins	86
27. Bal	89
28. Draggers	91
29. Ferkearing	93
30. Goed	95

31. Eangst	96
32. Iendeismich	98
33. Kattefrou	102
34. Krante	103
35. Bistefreon	105
36. Leppels	107
37. Sigaret	109
38. Hout	111
39. Keuring	112
40. Mea culpa	113
41. By see	117
42. Raket	119
43. Ierdrykskunde	121
44. Empaty	122
45. Protter	125
46. Rinner	131
47. Fûgels	132
48. Rekordbesykjen	133
49. Miskien	135
50. Ik en do	136
51. Sikehûs	138
52. Petearke	141
53. Spintsje	142
54. Tiid	144
55. Dûbelmearke	146
56. Tochten stjonke	150
57. Moeting	152
58. Tradysje	153
59. Fraach	155
60. Tegeltsje	156
61. Triennen	159

62. Reis	160
63. Trochbraak	161
64. Ulewapper	164
65. Loftkastiël	166
66. Ungelok	168
67. Utranzjearre	170
68. “What’s in a name”	172
69. Panne	175
70. PTSSS	176
71. Post	180
72. Slak	183
73. Tûzenpoat	185
74. Koart ferhaal	187

1. Oan de lêzer

“Der wie ris”

Sa begjinne mearkes en sa begjinne de ferhaaltsjes yn dit boek ek. Binne it dan mearkes? Nee, dat binne it net. Mar wêrom dan alle kearen wer begjinne mei dy trije mearke-wurden? Omdat ik my dêrmei ta-eigenje wat mearkes eigen is: frijheid. Gjin gemier mei wat wier is en net wier, gjin gemiter mei wat kin en wat net kin. Alles kin en alles is wier, oeral en altyd. Ek no! En dêrom brûk ik by it fertellen de no-tiid.

Om de ferbining mei in mearke net folslein te ferbrekken, en omdat guon fertellingen dochs wol wat fan mearkes ha, neam se kremearkes, kre(kt)mearkes. Mar fine jo achte lêzer dat it krektnet-mearkes binne en dat se as mearke dan ek wol kremearde wurde kinne, dan haw ik dêr frede mei, ek al omdat ik by eintsjebeslút der krekt net foar ynstean kin dat se allegearre einigje mei: “En se libben noch lang en lokkich.”

2. Net alle hout is timmerhout

Der wie ris in stik hout, net samar in stik hout, mar in stik hout yn in houtstek.

Mei in stikmannich oare stikken en mei de gedachte: 'Wa wit komt it noch wolris fan pas,' is dat stik hout yn it houtstek bedarre.

Der is wat mei dat stik hout. It is skelf, hat in warrige nerf en sit fol oasten. In oar stik yn dat stek, dat fan himsels fynt dat er ta de heechste klasse hout heart, timmerhout, hat dan ek de gek mei it kromme stik.

'Ik snap net wêrom asto hjir noch stiest,' gnysket it, 'as timmerhout bist folslein ûnbrûkber. Do bist eins allinnich noch mar brûkber as brânhout.'

Oare stikken dy't it krop ek wakker heech ha, harsels ek yndiele yn 'e klasse timmerhout, spytgnyskje mei.

Op in kear komt der in frommeske foarby. Se bliuwt by it houtstek stean en lit har eagen oer de stikken hout gean.

'Moai,' seit se.

Alle rjochte stikken rjochtsje de rêch noch wat rjochter as dy al wie. It kromme stik hâldt him koes en berêst yn syn skelvens.

'Moai,' seit se nochris en pakt it skelve stik út it stek.

Se hâldt it omheech en besjocht it oan alle kanten.

'Moai,' seit se foar de tredde kear, 'dat skelve, dat jout "schwung", spanning. Rjocht en sljocht as dy oare stikken sit gjin slinger oan. En dan dy nerf, dy fljocht alle kanten út. Dat is frijheid! Rjochte nerven binne te rjochtlinich, te foarsisber.'

De oare stikken hout binne misledige.

‘Wat in nuver houtsjje,’ roppe se, ‘doocht dy wol?’

Sa hâlde de rjochte stikken inoar steande yn it stek.

‘En dan dy oasten,’ giet it frommeske fierder, ‘eagen binne it, prachtich moaie donkerbrune eagen dy’t my yn ’e kuer hâlde, my ferwitend oansjogge as ik temin sjoch, as ik sûnder fernuvering tefolle meidriuw yn it sok fan it wenstige.’

En sa kin it barre dat it skelve stik hout mei syn warrige nerf en syn oasten, op in stuit as “objet trouvé” op in skoarstienmantel stiet te pronkjen.

‘Wat moai,’ ropt elkenien, ‘soks fine wy no noait.’

En it rjochte stik, dat it skelve stik bestimpele as brânhout, hoe is it dêrmei ôfrûn? Dat hat in funksje krigen as ferfanger fan in stikkene planke fan in âlde tûnbank. Der bliuwt net folle fan him oer. Al syn sels wurdt fuortferve en de rest fan syn selsrespekt wurdt fuortbombardearre troch grouwe konten dy’t sûnder respekt op him delploffte.

En sa sjogge jo mar wer, wê’s wiis mei nuvere houtsjjes.

3. Mûs

Der wie ris in mûs, net samar in mûs, mar in wrotmûs.

‘Altyd dat gewrot yn ’e grûn, sis mar yn ’e ûnderwrâld,’ klaget de wrotmûs op in kear lûdop tsjin himsels, ‘ik soe wolris lekker rilekse wolle boppe de grûn, wat tiid wytwashje yn ’e boppewrâld sis mar.’

It is wol dúdlik: de wrotmûs hat it net hielendal nei ’t sin.

‘Ik wol,’ klaget er fierder, ‘ek wolris wat oars frette as wjirms, larven en krobben. In fiskje, dat soe my wol lykje. Ik moat mar ris te fiskjen.’

Fansels wit er wol dat in mûs dy’t iepen en bleat by de feart sit te fiskjen, in maklike proai is foar mûzebiters, wikels, ûlen en mear fan dat op in mûzeboutsje iezjend folk. Hy nimt dan ek foarsoarchmaatregels.

Alderearst keapet er in paraplu. Dan falt er minder op. Dan liket er mear op in echte fisker. Dy hat ek altyd in paraplu by him. Dêr skûlet er ûnder foar de rein en ek wol foar de sinne as dy te fûl skynt. Allinnich in paraplu is lykwols net genôch. Der moatte noch mear beskermjende maatregels nommen wurde. By de smid lit er de punt fan ’e paraplu langer en skerper meitsje. In neef fan him, in piper mûs mei ferstân fan kamera’s, fabriket in snoade automatysk draaiende filmkamera foar him. Dy sil de loft ôf speure en begjinne te piipjen as der in fijân te ticht yn ’e buert komt.

De kamera wurdt healwei de ferlingde punt fan ’e paraplu montearre. En dan, alles klear, moat de boel, foardat er te fiskjen giet, útprobearre wurde. Op in keal fjildsje boppe syn wrotgebiet, set er alles klear. Sels giet er, senuweftich mar wach, provosearjend njonken syn beskermparaplu sitten.

In wikel kriget him al rillegau yn 'e kuer.

“Eefkes bidde foar it iten,” tinkt de wikel, “en dan yn dûkflecht om in lekker hapke.”

De kamera docht wat er dwaan moat. Dy hat de wikel op tiid yn 'e kuer, pipet op tiid en de wrotmûs sjit op tiid yn in rid ûnder de paraplu.

De wikel sit al yn in dûkflecht, kin net op tiid mear remje en foardat er tinke kin “Ferjamme krekt te let!” kin er net mear tinke: de skerpe punt fan 'e paraplu is dwers troch him hinne spytst.

De proef is slagge en dus kin der fiske wurde. Troch in gat yn 'e reidseame smyt de wrotmûs syn angeltsje út. Hy fielt him feilich. De paraplu stiet opsteld. Dêrûnder hat er in flechthol groeven. De kamera speurt de loft ôf en sil him op tiid warskôgje foar gefaar. Hy kin him mar fokusje op syn dobber. Wat de kamera net sjocht is wat der efter de reidseame bart. Langpoatich mei in lange puntige snaffel op skerp komt der ien, hiel hoeden, poat foar poat tichter by.

4. Miammel

Der wie ris in bistke, net samar in bistke, mar in lyts drokdoggerich bistke mei seis poatsjes.

‘In mier,’ sil sawat elkenien no wol sizze. Ja, sa hjit se oan ’e oare kant fan ’e Ofslútdyk. Mar oan diskant hat se in oare namme, oare nammen sels. Moaie: miammel en miammelder, minder moaie mei bygefoelens: eamel en eamelder en de minst moaie mei de measte bygefoelens: piseamel en mychhimmel. Omdat it motto fan it eameldersnêst “Net eamelje mar oanpakke” is, wol de mier net eamel of eamelder neamd wurde. Hy optearret foar miammel. Der wie ris in miammel dus.

Trou oan it motto fan it nêst docht se alle dagen trouhertich wat der fan har ferwachte wurdt, oant der in lytse twifel de kop opsteekt. En dy groeit út ta in grutte twifel.

‘Der doocht hjir wat net!’

Dêr begjint it mei.

‘Der doocht hjir in hiel soad net!’

Dêr einiget it mei en dêr sille wy no mar mei begjinne.

‘Wurkje, wurkje, wurkje!’ Dy wurden siedzje de twifel yn har kop. ‘Noait in frije dei. Der wurdt fan my ferwachte dat ik alle dagen sûnder tsjinigewearjen mar doch wat de nêsttwang fan my ferwachtet. Noait wurdt der frege oft ik it der wol mei iens bin. Ik ha gjin inkele ynspraak. Demokrasy is hjir fier te sykjen, net iens te finen. Der hearsket hjir in totalitêr systeem.’

Al dy gedachten moat de miammel al wurkjend ferwurkje. Eefkes lins om yn alle rêst mei lyktinkenden te betinken wat der feroarje en fernijd wurde moat oan it systeem, is der net by.

‘Ik wit net iens oft der wol lyktinkenden binne,’ tinkt se,
‘ik ha it net iens oan tiid om dat út te sykjen.’

It spûket har mar troch de kop. En dan nimt se in beslút.

‘Ik pik it net langer, ik gean fuort.’

Ferlost fan nêsttwang en wurkdruk giet se op stap. Yn ’e berm krûpt in langhierrige rûp. Dy yt fan wat plantsjes yn it gers en hat gjin each foar wat der om har hinne bart. En wat de miammel oars noait hie, hat se no wol, tiid foar in praatsje.

‘Goeie,’ ropt se tsjin de rûp.

Dy hâldt eefkes op mei iten en sjocht op.

‘Ek goeie. Mar moatsto net oan it wurk?’

‘Ik haw in snipperdei nommen.’

‘Noait witten dat jim dy hienen. Wêr silst hinne te snipperjen?’

‘In plakje om rêstich neitinke te kinnen.’

‘Wêr wolst oer neitinke?’

‘Myn bestean.’

‘Net tefreden mei dyn bestean?’

‘Nee.’

‘Witst wat, dan gean ik mei. Ik haw it liif no wol fol en ik bin wol tefreden mei myn bestean. Wat dat oanbelanget bin ik in ûnderfiningssakkundige. Miskien kin ik dy wol helpe. Of hast der beswier tsjin?’

‘Krekt oarsom, graach.’

Mei har beiden gean se fierder. Under in hege beareklau fine se in moai plakje om yn alle rêst eefkes neitinke te kinnen. De rûp nimt it foartou.

‘Wy moatte earst dyn ûntefredenens mar ris yn kaart bringe. Sis it mar, wêr bist ûntefreden oer.’

‘It is in bestean fan altyd mar wurkje, wurkje, wurkje. Noait wurdt der frege oft ik it dêr wol mei iens bin. Gjinnyspraak.’

In hoartsje is it stil. Mar yn 'e beide kopkes stiet neat stil.

'Soe it ek kinne,' ferbrekt de rûp de stilte, 'dat it komt omdatsto gjin perspektyf hast yn dyn bestean? Ik ha dat wol. It sil net sa lang mear duorje dan feroaret myn bestean folslein. Dan sil ik ûnrêstich wurde, dan moat ik om in rêstich plakje sykje. Net om nei te tinken, mar om in pop te wurden. Nei ferrin fan tiid sil ik út dy pop as flinter foar 't ljocht komme. Prachtich moaie donkerbrune foarwjukken sil ik dan ha, mei kronkelige, wite bannen en allike moaie readbrune efterwjukken mei blauswarte plakken. Ik bin dan in Grutte Bearflinter wurden. Dêr sjoch ik nei út, dêr kin ik my no al bliid om meitsje. Dat is perspektyf! Dat hasto net. Miskien bisto dêrom wol ûntefreden.'

'Dat is sa,' seit de miammel in bytsje tryst, 'by my gjin feroaring, altyd mar itselde. Gjin perspektyf.'

'Us mem,' filosofearret de rûp fierder, 'wie in ferstannige Grutte Bearflinter en dy sei altyd: "Ast it net iens bist mei in sitewaasje, moatst besykje him te feroarjen. Mei oerlis, yn in poldermodel. Utnaaie foar de problemen hat gjin doel. Dat is de kop yn 't sân stekke." En mei permisje, dat dochsto wol.'

'Dat is sa,' jout de miammel ta.'

'En dêr komt noch by dat de kâns grut is datsto aanst ûnwennich wurde silst. Do bist no allinnich, mar dat bisto net wend. Do hast altyd in soad soartgenoaten om dy hinne hân. Unwennigens is in rare kwaal, in soarte fan sykte en dy is allinnich mar te genêzen mei.....'

'Do wolst,' ûnderbrekt de miammel de rûp, 'dat ik werom gean, werom nei it nêst, mar....'

'Ja,' ûnderbrekt de rûp de miammel op syn bar, 'mar net samar werom. Do moatst earst in plan meitsje. Tink mar oan ús mem har wurden.'

Ynienen wurdt de rûp ûnrêstich.

‘Dêr is ’t al sa,’ ropt er, ‘ik moat fuort, ik ha de ridel yn ’e kont, ik moat in plakje sykje om te ferpopjen. No de mazzel. Ik hoopje dat it dy goed giet.’

Hy draaft fuort.

En dêr sit de miammel dan, lykme allinnich ûnder in grutte beareklau. Hy fielt him iensum. De rûp hie gelyk, ûnwennigens begjint him no al oan te fretten. Hy set it op ’en tinken.

‘As ik aanst werom bin yn it nêst moat ik besykje meistanners te krijen. Dan rjochtsje wy in partij op, de PFF, de Partij foar Feroaringen. Dan stride wy foar mear ynspraak, foar in wurktiidregeling mei mear frije dagen en wykeintsjinsten, mei mear demokraatsy. Dan ha wy perspektyf.’

Fleurich op, mei de kop fol plannen, begjint se oan ’e weromreis. Amperoan op healwei kriget se in ûngelok. Se wurdt deariden troch in auto. Net samar in auto, mar in auto fan ’e dierebeskerming. In lúm fan it lot of in lot út ’e lotterij? Ek al klinkt dat lêste wat nuver, mar sa is it wol: werom yn it nêst soe se mei har plannen gjin skyn fan kâns hân ha. As ien mei nêstgefaarlike ideeën, beskuldige fan ûnderminende aktiviteiten, soe se troch plichtsgetrou eigen folk fermoarde wurde.

Ein fan it ferhaal? Dea en fergetten? Dea wol, mar fergetten net: alle dagen fljocht der in prachtige Grutte Bearflinter trije kear om it ûngeloksplak hinne.

5. Fioelespiler

Der wie ris in fioelespiler, net samar in fioelespiler, mar in ûnbekende fioelespiler út Stobbegat.

Dat dy fioelespiler sa ûnbekend is komt omdat er noait foar in publyk spilet. Hy spilet altyd foar himsels. Yn syn jonge jierren hat er in pear jier les hân en dêrnei hat er himsels ûntwikkele. Hy oefenet alle dagen en wol net earder foar oaren spylje as dat syn spyljen op topnivo is.

Op in kear is it safier. Noch ien kear wol er foar himsels bewize dat it echt safier is en dan spilet er de stjerren fan 'e himel.

De minsken hawwe it earst net yn 'e gaten. It is moai waar, de loft is skjin en de sinne skynt. Mar tsjin 'e jûn, as it in bytsje begjint te skimerjen, brekt it besef troch. Guon minsken wurde ûnrêstich en wize omheech.

Der hie no dochs al in stjer te sjen wêze moatten,' roppe se.

Wat tsjusterder as it wurdt, nammerste mear nimt de ûnrêst ta. By de stjerrekundigen it meast.

'Alle stjerren fuort,' roppe se, 'hoe kin dat no. Dêr hienen wy fan te foaren dochs wol wat tekens fan sjoen. Fan bûtenierdske aktiviteiten ha wy neat fernommen. De oarsaak moat wol op ierde lizze. Mar wêr en by wa? In ramp is it!'

Der wurdt in grut ûndersyksteam gearstald fan stjerrekundige saakkundigen. Mar hoe saakkundich as dy stjerrekundigen ek binne, se kinne de saak net oan, se witte net wêr't se de stjerren sykje moatte.

Yn alle media wurdt in oprop dien.

“Wa't wat heard of sjoen hat dat fan belang wêze kin,

ek al liket it noch sa nuver, wurdt mei klam fersocht om it ús witte te litten.”

Sa't elkenien wol wit, tafal lit him net twinge, mar spilet wol gauris in rol. Ek no wer. In frou Spyksma út Stobbegat lêst de oprop yn 'e Stobbegatster Koerier. Der sjit har wat yn 't sin. Se skriuwt in brief nei de ûndersykskommisje.

“Rju eale ûndersikers. Lêstendeis siet ik lekker bûtendoar yn 'e sinne. Us buorman wie foar it iepen rût oan it fioelespyljen. Ik tocht noch: wat is it in griis dat dy man allinnich mar foar himsels spilet. Dêr soenen folle mear minsken fan genietsje kinne. Dy man spilet de stjerren fan 'e himel. Mar doe't op dyselde jûn ynienen alle stjerren fuort wienen, lei ik gjin ferbining tusken myn gedachte fan 'e middeis en it feit fan 'e ferdwining. En sis no sels, wa fan jimme soe dat wol dwaan! Mar doe't ik jim oprop yn 'e krante lies, no ja, ik wit net oft jim der wat oan ha, mar jim witte der no fan. Mei groetenis, frou Spyksma.”

En sa kriget it ûndersyksteam de Stobbegatster fioelespiler yn 'e teleskoop. Dy wit fan neat. Hoe soe er ek. Mar as de ûndersikers him spylje litte, witte sy it wol: hy hat it dien!

Hy wurdt mei syn fioele nei de himel stjoerd om de stjerren werom te spyljen. Dat slagget. Sels komt er net werom. Der is noch noait ien út 'e himel weromkommen. Dy tradysje wurdt ek no net ferbrutsen. Syn spyljen sil no wol himelsk klinke.

Nei him hat der noait wer in spiler west, wêr dan ek mar, op hokker ynstrumint dan ek mar, dy't sa moai spylje koe as hy. Net op in fioele, net op in horlepyp, net op in kazoo, in trompet, in gamba, in blokfluit, in marimba, in balalaika, in saksofoan, in tsjerke-oargel, in bandoneon en neam mar op! Soms is ien der hiel tichtby, mar dat hat dan wer krekt net west, want de stjerren stean noch altyd fleurich oan 'e himel te flonkerjen.